

MOASJE

Agindapunt: 6. Programmabegroting 2021 - 2024

Underwerp: Gjûn ferheging kontribúsje VNG

De ried fan Achtkarspelen yn gearkomste byinoar d.d. 12 novimber 2020

Sprekt út:

- Foarsafier noch net bard binnen VNG ferbân in limyt oan in winsklike finânsjele reserve fêst te stellen.
- De kommende jierren yn de ALV net akkoart te gean mei in foarstelde ferheging fan de kontribúsje bydrages oant de winsklike reserve berikt is.

Fersiket it kolleezje:

Dizze moasje mei in Nederlânske fertaling takomme te litten oan alle kolleezjes fan B&W en alle gemeenterieden yn Nederlân en de Nederlânske Antillen.

En giet oer ta de oarder fan de dei.

Taljochting:

De VNG hat:

- Oan ûnreplik guod sa'n 10 miljoen.
- Op de bank 28 miljoen.
- In effektenportefeuille fan 62 miljoen.
- In hegere reserve as normaal yn it bedriuwslibben.

De VNG hoecht yn prinsipe gjin effekten.

Gemeenten moatte besunigje, dan de VNG ek.

De needsaak fan in ferheging mei likernôch 4% lykas yn dit jier wurdt alhiel net oantoand.

FNP Achtkarspelen, hr. T.O. Brinkman

PvdA-Achtkarspelen, hr. T. Nicolai

CDA-Achtkarspelen, hr. G. Terpstra

PVV-Achtkarspelen, hr. H.J. Graansma

GBA-Achtkarspelen, hr. S.W. Vegelin

Stemming:

Motie is met algemene stemmen (19) **aangenomen**